



korrespondinsjeadres:
Ammerins Moss-de Boer (skriuwer)
Ingelumerdyk 20
9045 RD Bitgummole

mail:
bestjoer@skriuwersboun.nl

reachside:
www.skriuwersboun.nl

Ljouwert, 21-11-2023

Oan it kolleezje fan Deputearre Steaten fan Fryslân
t.a.f. frou Eke Folkerts

giet oer: needgjalp Skriuwersbûn – fersyk om oerlis

Rju achte frou Folkerts,

Yn ferfolch op it petear dat wy mei jo fierden op tongersdei 16 novimber (doe't de nije Dichter fan Fryslân bekend waard) hawwe wy jo dit skriuwen tasein. Jo hawwe ús tasein om op koarte termyn te reagearjen. Wy trune oan op sa gau mooglik oerlis tusken jo en it bestjoer fan it Skriuwersbûn, en jo seagen mooglikheden foar sa'n petear yn desimber fan dit jier.

Yn septimber stjoerden wy D.S. en jo in brief, dêr't noch gjin ynhâldlike reaksje op kaam is. Yn dat skriuwen fregen wy om in petear mei jo en/of jo kollega Knol. Fan Esther Rodenhuis begriepen wy dat alle saken dy't mei it Frysk en de taal ferbûn binne, yn jo portefúlje thúshearre. Ek fernamen wy fan har dat jo yn de iere maaitiid fan 2024 in gearkomste organisearje wolle mei allerhanne organisaasjes dy't op it mêd fan it Frysk warber binne, en dat wy dêr ek in útnûging foar krije sille. Wy sille dan fansels graach komme. Mar sjoen it karakter fan ús needgjalp is dat gjin gelegenheid om urginte kwestjes oer de Fryske skriuwerij te bepraten. Sadwaande dat wy oanhâlde as storein, en op koarte termyn mei jo prate wolle.

Wy hawwe, yn de pear moannen dat jo no yn funksje binne, fernaam dat jo graach lêze. Dêr binne wy wiis mei! Mar werom nei ús needgjalp: Der ferskine amper debuten, de oplagen wurde iderkear leger, skriuwers moatte jild meinimme om publisearre te wurden en de ynfastruktuer om it skreaune Frysk ûnder de minsken te bringen is yn de ôfrûne tolve jier hast folslein ferdwûn. Yn ús earder brief wurdt dat wiidweidich beskreaun. Us analyze: der kin allinne in omkear komme as de Provinsje mear jild útlûkt om dit skriuwen en lêzen te stimulearjen, om sa wer in beweging omheech te krijen. Om hjiroer te praten yn in gearkomste mei it doel om yn 'e kunde te kommen mei in ferskaat oan organisaasjes foar it Frysk, dat liket ús net goed. Al te maklik kin dan it byld ûntstean dat wy jild wolle dat no oan oare Fryksinnige organisaasjes útjûn wurdt, en dat is fansels perfoarst ús doel net. Want dy binne ús ek dierber en ek sy binne fan grut belang foar de taal! De ôfwaging om mear jild oan de Fryske skriuwerij út te jaan mei gjin oanlieding foarmje foar besunigings op oare organisaasjes dy't har ynsette foar it Frysk. Ien en oar moat breed ôfwoegen wurde yn de provinsjale polityk.



Sokke ôfwagings moatte wol makke wurde *foardat* de nije kultuernota komt. Yn de no jildende kultuernota stiet mar ien, negatyf formulearre, sintsje oer de Fryske literatuer. Dat kin sa net wer. Idealisten, dy't skriuwe en dichtsje en oersetse wolle yn it Frysk, fertsjinje better!

Mei hertlike groetnis,

Foar it Skriuwersbûn:

Ammerins Moss-de Boer, Jan Hendrik Woudstra en Willem Verf (it bestjoer)